

# DE JIERGONG FAN FRYSLÂN



Te keap yn ús winkel en  
fia [pompebledsjes.nl](http://pompebledsjes.nl)

MIDSTRAAT 1, JOURE

[WATZEVANDERWAL.NL](http://WATZEVANDERWAL.NL)

2023  
2024

# FRYSK

## SELSKIP SWOL

Oan

Jiergong  
52

Lede-administraasje: Brethouwerstraat 15,  
8043 AZ Zwolle

oprjochte 8 febrewaris 1899



piano's - vleugels - orgels - kleininstrumenten

stemmen - onderhoud - verhuur

**DE GRAAF MUZIEK BV**

hanekamp 2-8, zwolle, telefoon (038) 453 55 87

Jou omtinken  
oan ús advertearders



### BESTJOER

foarsitter Jan Bosgraaf Smitserf 42 7951 JG Staphorst  
janendjoke@home.nl / 0522 464718 / 06 14268993

2° foarsitter / Henk Monkel Gentiaan 23 7721 HA Dalfsen  
2° ponghâlder henmmonkel@kpnmail.nl / 0529 433175 / 06 30888376

skriuwer Jolanda Lootens Brethouwerstraat 15 8043 AZ Zwolle  
jolandalootens@live.nl 06 47585240

ponghâlder Sjoerd Bakker Koelmansstraat 10 7722 LX Hoonhorst  
sdabakker@outlook.com / 0529 401683 / 06 57255999

2° skriuwer Jan-Tjerk Kuipers Mandenmakershoek 5 8131 CZ Wijhe  
jantjerkkuipers@gmail.com / 0570 522329 / 06 42275636

lid Annet Nieuwenhuis – Kokké Schuttevaerkade 103 8021 HD Zwolle  
annetnieuw@planet.nl / 038 4537836

### Lede-administraasje

Jolanda Lootens Brethouwerstraat 15, 8043 AZ Zwolle 06 47585240

### IBAN rekkennûmer

NL95 RABO 0377 3373 66 op namme fan Frysk Selskip Swol

### KONTAKTPERSOANEN

Dalfsen	frou F. Smits	Vechtoever 11	0529 432436
Hatterm	frou W. Steenbeek - Boschma	Hendrikjesweg 46	038 4442894
Kampen	frou J. Wiegiersma	Nijverheidsstraat 11	06 19506520
Wezep	hear K. IJtsma	Scheerderslaan 8	038 3769007
Wijhe	hear F. Kunst	Stationsweg 28	0570 521931

### Zwolle

Aalanden	frou C. Penning	Potmarge 27	038 4541272
Assendorp	frou A. Groenland	Ranonkelstraat 8	038 4220741
Berkum	hear J. van Slageren	Lorentzlaan 34	038 4529353
Binnenstêd, Dieze en Veerallee	fam L. Nieuwenhuis	Schuttevaerkade 103	038 4537836
Holtenbroek	frou H. Osinga	Reggelaan 55	038 4549429
Stadshagen	frou J. Lootens – Berg	Brethouwerstraat 15	06 47585240
Westenholte en Spoolde	hear H. van der Zee	Bouwkamplaan 6	038 4223588
Wipstriik	frou W. de Vries - Boersma	Carry van Bruggenstraat 25	038 4543033
Zwolle – Súd	hear J.H. Zijlstra	Dreessingel 88	038 4542562





It Nijs is de digitale nijsside fan de Ried fan de Fryske Beweging. Mei in nijsgjirrige seleksje út it wrâldnijs, it nijs út Nederlân en út Fryslân. Alderhande ûnderwerpen, kwestjes en tema's komme

foarby. Kultuer, mienskip, wittenskip, opiny (mei aardige kollums), sport, ferdivedaasje en it waar.

Der binne leden dy't op *It Nijs* abonnearre binne. Mar der kinne noch folle mear by, want it is digitaal en boppedat is it **fergees!** Wêr fine jo soks hjoed-de-dei noch? De Ried fan de Fryske Beweging sil bliid wêze mei mear lêzers.

Nijsgjirrich wurden? Gean dan gau nei [www.itnijs.frl](http://www.itnijs.frl) en jou jo / dy op!



## FERIENING FREONEN FAN OMROP FRYSLAN



De **Feriening Freonen fan Omrop Fryslân** (FOF), is de stipersferiening fan de Omrop, dy't stribbet nei in goede publike Fryske Omrop foar radio en telefyzje. FOF soarget foar ynformaasje oer Omrop Fryslân en stipet Omrop Fryslân by syn doelstellings en aktiviteiten. FOF hâldt kontakt mei har leden fia it ledeblêd Each en Ear. Yn 'e rin fan it jier binne der ferskate aktiviteiten en eveneminten dêr't leden oan meidwaan kinne. Sjoch op 'e webside [www.omropfryslan.nl/freonen](http://www.omropfryslan.nl/freonen) of wurdt 'facebookfreon'.

De ledebydrage is op syn minst € 9.-- yn't jier.

Wa't ek **FREON fan Omrop Fryslân** wurde wol, kin belje nei 06-43903180.

In mail nei [freonen@omropfryslan.nl](mailto:freonen@omropfryslan.nl) en oanmelde fia de webside kin ek.

-12-



## FIERDER NEI 125 JIER

Mei it jubileumfeest ta gelegenheid fan it 125-jierrich bestean fan ús selskip hawwe wy it winterskoft 2023-2024 ôfsluten. Fan de jubileumfiering kin mei rjocht sein wurde, dat it in boppeslach wie. De oare middagen en jûn wiene lykwols ek tige slagge.

De ledegearkomste sûnder in koart optreden fan it Frysk Sjongkoar Swol kinne wy ús net mear foarstelle. Yn oktober 2023 wie dat ek wer it gefal. Dêrnei fertelde Klasiena Seinstra oer har ûnderfiningen as reedrydster en benammen oer it winnen fan de alvestêdetocht fan 4 jannewaris 1997. Yn desimber holden wy it sa njonkelytsen tradisjonele krystmiel yn 'Het Roode Hert' yn Dalfsen. Tusken de fjouwer gongen troch song Grytsje Kingma inkelde krystlieten. En yn jannewaris hiene wy mei-inoar in tige noflikke nijjersmiddei mei 'Grytze en Grize'. No geane wy de maaitiid en de simmer temjitte en it winterskoft 2024-2025 liket noch hiel fier fuort.

Dochs moatte al wer plannen foar dat winterskoft makke wurde. It winterskoft dêr't de beakens nei alle gedachten opnij yn ferset wurde moatte. Wy moatte ús ôffreegje, hoe lang en op hokker wize wy as selskip trochgean wolle en – foaral - kinne. Want al wolle wy noch sa graach, de finansjele wâl keart it skip fan ús ambysjes. Nei sa'n prachtich jubileumfeest heart dat wat swiersettich, mar sa leit it der wol hinne. Mei it weromrinnen fan it ledetal, rint ek de ynlage werom. Dêr stiet tsjinoer dat alles djoerder wurdt. Dan kin men op 'e fingerseinen wol útrekkenje, dat wy op 'e dûbeltsjes passe moatte. No diene wy dat altyd al. Dêrtroch hiene we yn 'e rin fan de jierren in moai dofke jild byinoar garre. Want garjen en sparjen makket stiennen bargaen fet. Oars hiene wy ek nea sa'n moai jubileum fiere kinnen. Mar nei dat jubileum is dy baarch behoarlik ôfklaid. Hy (of sy) hat in jas útdien. Der sit gâns minder fet oan. En dat is beskiedend foar wat noch wol of net kin en foar hoe lang. Dêr giet it bestjoer mei teset. Wat der útkomt, beprate wy fan't hjerst yn de ledegearkomste.



In moaie maaitiid en simmer yn sûnens tawinske.

Jan Bosgraaf (foarsitter)

**Ik bin benijd hoe't it fierder giet.**

**NIJJIERSMIDDEI 19 JANNEWARIS 2024 MEI 'GRYTZ & GRIZE'**

Op ús nijjiersmiddei brochten 'Grytz & Grize' (Grytsje Melchers en Douwe van der Werff) mei Bokke Rypma en Jan Hoekstra (muzikanten, tekstdichters en sjongers) in programma mei *Fryske ferskes*.



It wie efkes ôfwachtsjen hoefolle folk der komme soe, om't der moarns noch al wat snie lei. Lokkich rûn de temperatuer oerdei op en wiene de diken middeis skjûn. Sa koene der middeis dochs krapoan 50 fan ús leden wolkom hjitten wurde. En se wiene net foar neat kaam. Nei de kofje/tee mei de tradisjonele nijjiersoranjekoeke en it sjongen fan it Frysk folksliet, koene se genietsje fan moaie lieten fan dizze betûfte artysten. Lieten mei moaie en sterke teksten en melodyen dy't goed yn it gehoar lizze. De measte lieten hawwe se sels skreaun. Hoe't dy lieten ûnstien binne waard der faak by ferteld. Wat in tal moaie ferhalen oplevere. Dat net allinne, it soarge ek ta in fleurige ynteraksje mei it publyk. Dat bliek ek nei it liet 'Gaasterlân'. Us lid Harmen van der Zee stapte spontaan nei foaren en op Grytsje ôf, dy't wol efkes ferheard seach. Bokke en ik seagen inoar ek oan mei in blik fan: wat sille wy no belibje? Nei't Grytsje en Harmen efkes mûskoppe hiene, krige Harmen de mikrofoan en fertelde er, hoe't Trientsje en hy inoar dêr (Kippenburg) moete hawwe en dat sy, doe't Trientsje 80 waard, mei bernsbarn nei it plak gien wiene dêr't se inoar moete hawwe. Hoe tafallich kin it soms wêze!



It fjouwertal sette útein mei it liet 'Bliuw by my', dat Grytsje yn 2013 skreau foar 'LIET', it sjongfestival dat elk jier yn Ljouwert hâlden wurdt, dêr't se de publykspriis mei wûnen. Yn de rin fan de middei kamen ek lieten fan Douwe, Bokke en Jan foarby. En út en troch in gitaar- of pianosolo fan ien fan de mannen. Op it programma stie ek 'Dûnsje my de leafde út', dat Elske de Wal song yn it ramt fan it Leonard Cohen-projekt.

(lês fierder op side 3)

(ferfolch fan side 10)

Fan 'e middei dogge we dat mei in grut tal moaie Fryske lieten. In part troch it Frysk Sjongkoar Swol en in tal troch Gurbe Douwstra. En jimme komme der fan 'e middei ek net foar wei, haw ik heard.

Ferline jier bestie it Frysk Sjongkoar Swol 20 jier. Troch de argewaasje mei Koroana koe dat jubileum doe net fierd wurde. Dêrom docht it koar dat fan 'e middei, yn 'e mande mei ús selskip. It is dus dûbeld feest! Wy binne der tige wiis mei, dat der tusken it koar en it selskip sa'n goede gearwurking bestiet. We passe inoar as broek en festje.

Dat wie yn it ferline wolris oars. Dat hawwe jimme yn it krantsje lêze kinnen. Yn 1918 frege it koar foar twa fan har leden in sit yn it bestjoer fan it selskip. Dat joech sa'n rebûlje, dat it hiele bestjoer fan it selskip opstapte. Ik tink, dat de bestjoersleden doe yn trochsneed frij jong en ek frij fûl wiene. No binne de bestjoersleden yn trochsneed wat âlder, mooglik ek wat evenrediger en – as it goed is – ek wat wizer.

En dêrom meitsje wy der mei-inoar in feestlike en noflike middei fan. Dy begjint, lykas wenst is, mei it sjongen fan it **Frysk Volksliet**. Fan 'e middei mei muzikale begelieding fan Sylvia Joustra.

**In tige noflike middei tawinske.**

Swol, 15 maart 2024



Mei oare wurden; **foar alles moat betelle wurde**. Dat jildt ek foar de saken dy't foar it winterskoft 2024-2025 fêstlein wurde. De wichtichste kostendekker is de jierlikse ynlage. Dêr kin it net sûnder! Op dit stuit is de ynlage **€ 38.-- de man/frou**. Dêr hâlde wy wy it foarearst ek mar op. As de ledegearkomste fan't hjerst oars beslút, sjogge we wol wer. Wy freegje jimme om de ynlage **foar 1 septimber 2024** oer te meitsjen op de bankrekken fan it Frysk Selskip Swol, nûmer NL 95 RABO 0377 3373 66.

Wy skoaie en biddelje net, mar wa't it selskip mei in hegere bydrage stypje wol, is dêr folslein frij yn.

Yn it foar tige tank foar jo/jimme meiwurking.

(ferfolch fan side 9)

- **Bestjoersleden** fan de Keatsclub Swol, it Keninklik Frysk Boun om Utens en fan de Fryske kriten yn Apeldoarn, Assen, Boadegraven en Lelystêd ek tige wolkom. Jimme oanwêzigens wurdt tige op priis steld.
- En **Gurbe Douwstra**, de Fryske trûbadoer dy't rûnom yn Fryslân en yn de rest fan de wrâld bekend en ferneamd is, tige wolkom.
- En fansels **leden** fan it jubilearjende Frysk Sjongkoar Swol en it jubilearjende Frysk Selskip Swol en de gasten dy't meikommen binne, tige wolkom. Moai dat jimme sa man- en froumachtich opkommen binne.

### Bêste minsken,

Yn jannewaris stie yn *de Stentor* in grutte kop: **'We hopen deze cultuur en de taal in stand te houden'**. Under dy kop in artikel oer it riden en farren fan ús selskip, nei oanlieding fan it fraachpetear dat in sjoernalist fan de krante mei my hie. Boppe dy kop stiet: *'Friese vereniging Frysk Selskip Swol in Zwolle hangt aan een zijden draadje.'* Dêrmei sitearre de sjoernalist my net. Mar de bêste man hat wol gelyk.

Want ... fyftich jier ferlyn, op sneon 16 maart 1974, fierden wy it 75-jierrich bestean fan ús selskip. Dêr makke de *Zwolsche Courant* doe wiidweidich gewach fan. Under in hiel oare kop as yn jannewaris. *'Frysk Selskip Swol is na 75 jaar nog springlevend.'* En in oare krantekop: *'Vergrijzing speelt bij ons geen rol. In tegenstelling tot andere Friese verenigingen buiten Friesland zijn de leden van het Frysk Selskip Swol gemiddeld vrij jong'*, sitearre de krante ús eardere foarsitter en earelid Hein Eskens silger.

Hiel wat fan dy yn trochsneed frij jonge leden fan 50 jier ferlyn, binne hjoed-de-dei noch altyd lid. Hjir sitte tachtigers yn 'e seal, dy't as jongfeint en jongfaam meispielen yn ús eigen toanielploech. Dan kinne wy rêstich stelle, dat de fergriizing net oan ús foarby gien is. Sjoch mar om jim hinne. Utsein dy pear frij jonge leden dy't wy lokkich ek hawwe. Dy hoege har dan ek net oansprutsen te fielen.

It is de realiteit, dat de Fryske kriten om utens de langste tiid hân hawwe. Dêr makket it Frysk Selskip Swol gjin útsûndering op. Yn 1988 hie ús selskip 500 leden. Mear hawwe wy net hân. Fiif jier lyn wiene der 122. En hjoed binne der noch 90.

De fraach *'Hoe lang noch?'* wurdt dan ek gauris steld. Oant no ta hawwe wy dêr noch gjin antwurd op jûn. En dat dogge wy hjoed ek net. Want hjoed is it feest en dan prate we net oer ophâlden. Om it mei in Fryske siswize te sizzen: *'It rint safier as it fuotten hat.'*

En sa lang as wy de fuotten ûnder it gat hawwe, rinne wy troch. Mei it doel, *'de taal en kultuer fan de Friezen te behâlden en troch te jaan'*, sa't yn it karbrief (de statuten) stiet.

(lês fierder op side 11)

(ferfolch fan side 2)

En net te ferjitten yn it Frysk oersetse lieten fan Boudewijn de Groot, lykas 'Verdrongen Vlinder' (Fersopen Protter) en 'Ik geloof' (Ik beloof). Sa waard it in tige ôfwikseljend optreden. Wa't der nochris nei harkje wol, op YouTube is in hiel soad te finen. Yn ús krantsje wie de middei oankundige as in *noflike nijjersmiddei*. No, dêr wie neat tefolle mei sein. It waard in feestlike middei. De minsken wiene tige optein oer it optreden. En 'Grytz en Grize' wolle noch wolris by ús komme, lieten se witte. Sa goed hat it harren by ús foldien.

(JB)

## US JUBILEUM

15 MAART 2024



Alles is reemakke foar de 125 minsken dy't har opjûn hawwe om it 125-jierrich bestean fan ús selskip te betinken en te fieren. It treflike team meiwurkers fan 'de Weijenbelt' hat de seal gesellich yn'rjochte en mei Fryske taffelkleedsjes, flaggen en it findel fleuret it bestjoer de boel fierder op. Foar de ferlotting stiet in prizetafel te pronkjen mei mear as fyftich prizen.



Middeis om ien oere sitte Jolanda en Sjoerd ree foar de ûntfangst fan de minsken. Wa't troch de

'tagongskontrôle' komt, kin kofje of tee mei in stik lekkere oranjekoeke nimme en in plak sykje yn 'e seal of earst by Annet en Henk lotten keapje om kâns te meitsjen op ien (of mear) fan 'e prizen.

Om twa oere hjit Jan in lytse 120 minsken wolkom (*sjoch siden 9–11*).

Nei it sjongen fan it Frysk folksliet is it wurd oan Jan Bijkerk, foarsitter fan it Keninklik Frysk Boun om Utens. Hy lokwinket ús selskip en helle inkelde anekdoates oan út 'e skiednis fan it selskip. Ek dat ús selskip, om finansjele of oare reden, in tal jierren net by it Boun oansletten wie. By it 100-jierrich bestean fan ús selskip waarden wy wer lid. Dêr is it KFBou tige wiis mei. Want, seit Bijkerk, as Boun en kriten stribje wy nei it yn stân hâlden en trochjaan fan ús Fryske taal en kultuer.

(lês fierder op side 4)

(ferfolch fan side 3)

It 'team' fan de Weijenbelt



Dan is it tiid foar it konsert fan it jubilearjend **Frysk Sjongkoar Swol**, dat ienentweintich jier bestiet. It 20-jierrich bestean koe troch de argewaasje mei it Koroanafirus net fierd wurde. Mei in tal bekende en, foar 'outsiders', in pear minder bekende lieten, dêr't al in moais fan it heitelân yn besongen wurdt, soarget it koar foar in oere Fryske stemming fan komsa. Dy sfear wurdt troch de lieten dy't de taharkers healwei it optreden mei it koar meisjonge kinne, nochris fersterke. *'Wat bisto leaflik rizende simmermoarn'* en *'Dêr't de dyk it lân omklammet'* klinke en daverje fier yn it rûn. Wat is it dochs moai, dat der sa'n entûsjast en grut Frysk koar bestiet! Al ienentweintich jier! En al jierren ûnder de betûfte en entûsjaste lieding fan Jelma Wiegersma. Dizze middei mei muzikale meiwurking fan Sylvia Joustra, de pianiste fan it Frysk sjongkoar fan de krite yn Lelystêd.



Nei it skoft wurdt it plak fan it koar ynnommen troch de bekende Fryske trûbadoer **Gurbe Douwstra** (foto). Sa njonkelytsen stiet er al fiifentweintich jier 'op 'e planken' mei troch himsels skreaune nûmers. Inkelde fan syn earste nûmers binne noch altyd populêr. Dy falle hast yn de kategory 'evergreens'. Mar ek hjoed-de-dei skriuwt er noch altyd nûmers mei in boadskip, dy't de minsken oansprekke en ek wol gauris yn it moed taaste. Dat Gurbe der sin oan hat, blykt wol as er om klokslach fjouwer oere syn gitaar pakt en de (lêste) minsken oantrúnt om plak te sykjen. Wat folget is in oanienskeakeling fan moaie lieten, dy't er mei in koarte ynleiding oankundiget. Fleurige lieten, mar ek lieten dy't de minsken reitsje, lykas 'As it myn tiid is' en it nûmer 'Romte', dat er spesjaal foar syn foarstelling '70' skreaun hat en dêr't er syn publyk in spiegel mei foarhâldt.

Mar as der no sa'n moai koar oanwêzich is, soe't it dan net noch moaier wêze as dat koar én Gurbe ...? No, dêr wiene se it gau oer iens. Dat moast altyd wêze. Gurbe kaam der sels in freedtemoarn foar nei 'de Weijenbelt' om mei it koar te repetearen.

(lês fierder op side 5)

## WOLKOM EN IEPENING JUBILEUMMIDDEI

*Wolkom! Wolkom! allegearre,  
Wolkom, wolkom op ús feest,  
Dat nou eltsien hjiroan meidocht  
Wol te moed en bliid fen geest.  
Tsjien jier hadde hjir de Friezen  
Jounen **fol fen nocht** hjir hawn,  
Sprekkend, sjongend, dêrby tinkend  
Oan hjar **ynljeaf Heitelân**.*

Sa begjint it feestliet ta gelegenheid fan it tsienjierrich bestean fan it Frysk Selskip Swol op 23 febrewaris 1909. Hûndertfyftjin jier letter hawwe wy noch altyd jûnen en, de lêste tiid, middagen '**fol fan nocht**'. Dêrom fiere wy it 125-jierrich bestean fan ús selskip op in feestlike wize.

### Tige wolkom allegearre op de jubileummidei fan it Frysk Selskip Swol.

Dat sis ik mei út namme fan ús oare bestjoersleden; Annet en Jolanda, Henk, Jan Tjerk en Sjoerd. As bestjoer foarmje wy, ik sis it faker, in ienheid yn ferskaat. As foarsitter bin ik dêr tige wiis mei. Spitigernôch is Jan Tjerk der hjoed net. Hy hat in wike lyn de boppe-earm brutsen.

Dizze middei fiere wy it 125-jierrich bestean fan ús selskip. En, hoe is it mooglik, foar dizze middei hawwe har 125 minsken opjûn. Inkelde fan ús o sa trouwe leden kinne der fan 'e middei troch famylje-omstannichheden spitigernôch net by wêze kinne. Dat muoit ús tige.

### In bysûnder wurd fan wolkom oan:

#### ➤ Sake en Annette Eskens

Fijn dat jullie vanmiddag in ons midden zijn. Door jouw vader ben je als het ware met het Frysk Selskip Swol opgegroeid, Sake. Het selskip heeft enorm veel aan hem te danken. Tientallen jaren was hij de drijvende en vernieuwende kracht. Eerst als secretaris en later jarenlang als onze, ik mag wel zeggen, '**illústere en markante foarsitter**'. Onder zijn voorzitterschap beleefde het Frysk Selskip Swol in de tweede helft van de vorige eeuw 'gouden jaren'.



*"Wij hebben een meer dan leuke middag gehad."*

(út de mail fan Sake en Annette)

(lês fierder op side 10)



### Cliffs of Moher

*'t Wie in mearke gelyk, in ferhaal út in film  
Hy stoer en lûd, sy leaf en stil  
Mar wol o sa fereale, de ien op de oar  
En wêrt sy ek wiene, inkeld each foar elkoar*

Gurbe Douwstra

Wa't it prachtige optreden fan it **Frysk Sjongkoar Swol** en Gurbe Douwstra op de jubileummiddei fan ús selskip heard hat, begrypt wêrom't de earste rigels fan dat liet hjir steane. Lykwols sjonge de leden al jierren mei likefolle nocht en wille alderhande moaie Fryske lieten. Elk dy't sjonge wol, kin lid wurde. Men hoecht de Fryske taal net iens machtich te wêzen. As der mar yn it Frysk songen wurdt!

It koar fersoarget sa no en dan in optreden en ienris yn't jier hawwe de leden in útsje nei Fryslân. Tidens dat útsje sjongt it koar mei in soad foldwaning ek yn in fersoargingshûs earne yn Fryslân. Yn 'e simmer komme de leden byelkoar foar in gesellige midsimmermoeting.

Freedtemoarns om 10 oere repeteart it koar yn it Moetingssintrum 'Het Anker', Voorsterweg 36, 8042 AD Zwolle (Westenholte).

Elk dy't fan sjongen hâldt is fan herte wolkom by it koar. Want sjongen ferbynt minsken en makket minsken bliid. Net allinne de sjongers. Ek de taharkers.



Kom earst mar ris nei in repetysje.  
Dat jout fierders gjin ferplichting.

Nim foar mear ynformaasje kontakt op  
mei ien fan dizze minsken

<b>Douwe Boersma</b>	<b>foarsitter / skriuwer</b>	<b>0523 656802</b>
<b>Jolanda Lootens</b>	<b>ponghâlder</b>	<b>06 47585240</b>
<b>Jelma Wiegersma</b>	<b>diriginte</b>	<b>06 19506520</b>

(JB)

(ferfolch fan side 4)



Dat barde mei twa fan syn bekendste nûmers. 'Cliffs of Moher' en 'Lit jim gean Friezen'. As de earste akkoarden fan 'Cliffs of Moher' klinke, wurdt it stil en wachtet elk yn spanning wat der komme sil. As by de earste wurden *'t Wie in mearke gelyk, in ferhaal út in film'*, it koar him hearre lit, kriget mannichien pikefel en in branderich gefoel yn 'e eagen. It is krekt as heart men de weagen tsjin de cliffs of Moher slaan. Hoe bysûnder is dat! Mei 'Lit jim gean Friezen' slute Gurbe en it koar de optredens feestlik ôf. It duorret efkes, mar by de twadde kear *'Bliuw net sitten, stive Friezen, jim moatte stean'* komt elk yndied oerein en sjongt entûsjast mei *'Jimm' moatte roppe, raz' en balte. Krekt as binn' jim net al te al te.'* Fan stive Friezen is folslein gjin sprake mear.



Alhiel optein nimt elk wer in drankje en om goed seis oere stiet it feestbuffet ree. Dat mei rjocht dy namme hat. It sjocht der net allinnich feestlik en lekker út, it smakket ek tige by tige. Der is in kar oan alderhande hearlike gerjochten. Allyksa is it de namme 'grand dessert' foar it neigesetsje perfoarst net oerdreaun. Nei't der al safolle fan it buffet iten is, bliuwt der fan it neigesetsje net folle oer. Friezen binne no ienris goede iters. Fan hûs út hawwe se meikrige, dat se de itenspanne leech ite moatte. Mei sa'n buffet hawwe se dêr gjin inkelde muoite mei.

Sa kinne wy as (leden fan it) Frysk Selskip Swol weromsjen op in tige slagge jubileumfeest. Elkenien dy't oan de feestlike sfear bydroegen hat, tige, tige tank!

(JB)

# Frysk Selskip Swol 1899 - 2024



**Gurbe Douwstra & it Frysk Sjongkoar Swol**